

Wat driuwt Doarpswurk?

Wy binne wiis mei Fryslân. Wy binne wiis mei de romte, mei de rêst. Wy fiele ús thús yn de autentike doarpen, ûnderfine de positive kanten fan de Fryske mienskip. En wy sette ús yn om al dy kwaliteiten oerein te hâlden, sûnder stil te stean, dat set ús yn beweging. En dat is mar goed ek want Fryslân is yn beweging. En dus bewege wy mei.

Doarpswurk stipet de doarpen. Doarpsbelangen en oare inisjatyfgroepen wurkje mei ús stipe oan leefbere, libbene doarpen en tinke bygelyks mei help fan in doarpsfyzje nei oer har takomst. Doarpshuzen jouwe romte om elkoar te moetsjen, oan fertier en kursussen. Mei elkoar soargje doarpshûs en doarpsbelang derfoar dat it yn de doarpen noflik wenjen en wurkjen is. Wy helpe de frijwilligers yn de doarpen om dit allegear mooglik te meitsjen. Dêr leit ús krêft. En dêryn fine wy ús ynspiraasje.

Wy sjogge wat der op dit stuit al feroaret op it Fryske plattelân. Wy sjogge no al dat der regio's yn Fryslân binne dy't de gefolgen ûnderfine fan de feroarjende gearstalling fan de befolking. Wy hearre oer de gefolgen foar de lokale ekonomy, foar it ûnderwiis, foar de soarch. Dizze saken kringe har oan ús op. It rekket de doarpen, it rekket de minsken en it rekket ús wurk.

Doarpen hawwe in wearde, in eigenheid yn harsels. De mienskip is fakentiids hecht, mar ek ûnder doarpsminskten is der in tanimmende noasje dat de wrâld grutter is. Dat ek op mondiaal nivo grutte feroarings nedich binne om de leefberens op wrâldnivo yn stân te hâlden. Wy bespeure yn ús wurk de wil om dêr mei elkoar oan te wurkjen, mar hearre ek dat der fragen binne. Wa hat hokker rol? Wat kinne wy dwaan?

Yn dizze tiid fan grutte feroarings en wêzentlike fragen is it jin hieltyd wer beriede op de posysje en en taken fan Doarpswurk nedich en makket it meitsjen fan in foarkar foar it ien of oar needsaaklik.

No't feroarings op allerhande nivo's en op in protte fasetten fan ús wurk yn de doarpen plakfine, sjogge wy dit as de wichtichste taak foar Doarpswurk: it stypjen fan de doarpen yn it ferskaat oan feroaringsprosessen. Wy litte de kreativiteit en de inisjativen oan de doarpen sels. Wy stypje en bringe inisjativen en minsken by elkoar. Wy soargje foar it ramt en dat de minsken oantrune wurde om feroarjen te learen. Wy stypje de solidariteit tusken de doarpen ûnderling. Mei it doel dat se gearwurkje en foarsjennings diele ynstee fan elkoar bekonkurrearje.

Wy stypje en litte ús ynspirearje. En dit lêste meitsje wy buorkundich sadat oaren wer fierder kinne yn harren proses. Wy nimme it wurk net oer, mar troch ús kennis en ûnderfining jouwe wy wol de kreative rjochting oan. Wy strielje dit út: it besef dat wy mei elkoar in rol spylje kinne op it plattelân dat feroaret. Dat it ús net oer it mad komt, mar dat wy derby binne. En dat it in kant op giet, dy't wy mei elkoar wold en winske ha.

Sa bouwe wy mei elkoar oan in Frysk plattelân mei in sterke soasjale bân, mei in hechte lokale ekonomy en dat allegear mei in duorsum karakter. Sadat Fryslân wer fierder kin.